

Elzesingelruïnes lêste stikjes Wâlden

Troch de komst fan de Sintrale As moat der earst noch efkes 150 kilometer oan elzesingel opromme wurde. Toe mar: 150 kilometer. En dat yn in gebiet dat ta 'Beschermd Landschap' ferheven is. Dy status hat it lânskip yn Dantumadiel by lange nei net mear fertsjinne.

Wa't it kûlisselânskip fan sa'n 50 jier ferlyn noch ken, mei 'it smûk skaadzjend beamtegrien, wêr't it tilde fan fee en blommen', kin witte dat er op 't heden mar in skeamel lyts bytsje mear fan De Wâlden oer is. De Sintrale As moat fansels krekt troch de lêste en âldermoste stikjes Wâlden yn Dantumadiel hinne.

Troch de befolkingsútwreiding nei de Twadde Wrâldkriich moasten der huzen komme en dy ha yn alle Dantumadielster doarpen de oarsaak west fan it opromjen fan wol 50 prosint fan de eardere elzewallen en alle halepaden. De ruilferkaveling en it opskealjen fan de boerebedriuwen ha de rest fan de ferneatiging op har naam. Wat der no noch oer is fertsjinnet neat mear as de namme 'elzesingelruïnes'. Sûnder skrupules is alles úttinne, opromme en oanelkoar smeid en wurdt dêrta noch altyd gelegenheid bean troch de gemeente.

De oanlis fan de Sintale As fret no ek noch efkes sa'n 150 kilometer fan de restanten fan dit monumintale histoaryske lânskip op. At dat klear is en omset yn asfalt en beton, sille

we ynsette op de rekreaasje yn Dantumadiel. Mei hûndert kilometer yn 'e oere kin men hjir dan mar hinne skeure. En dan mar hoopje dat de rekreatant hjir hingjen bliuwe sil yn in rekreaasjepark of op in kemping en net trochfleane sil nei it Lauwersmargebiet.

Rekreatanten dy't hjir hinne komme sille, moatte wol om wat oars ferlegen sitte, want sa spektakulêr is it hjir yn de Wâlden al hielendal net mear. Nijmoadrige wegen mei hokker moai beamteguod en struwiel men der ek omhinne plantet, de sfear en histoarje sille foar altyd ferlern wêze. De nije oanplant is mar in karikatuer fan it eardere lânskip.

Fan alle minsken dy't har woartels net yn de Wâlden ha, kin net ien beseffe wat der al ferlern gien is. Sokken nimme no wol de beslissings om de Sintrale As der troch te krijen en as dat no sa needsaaklik wie sûnder dat der oare oplossings mooglik wiene (sjoch Harkema), wie dat noch te akseptearjen. Net no't it om de lêste pear prosinten fan in unyk lânskip giet dat nea weromkomme sil.

Wa makket him dêr no drok om? Wy kinne ús dochs better drok meitsje om it útstjerren fan de Sibearyske tiger en it ferneatigjen fan de oerwâlden. Dat is moai fier fuort en by in oar. Fansels geane de ekonomyske belangen hjir by ússels foarop no?

TSEARD RINTJEMA
YNWENNER DAMWÂLD